

Fraksje FNP
De hear S. Posthumus

Ljouwert, 24 febrewaris 2016

Ferstjoerd, **26 FEB 2016**

Ús merkteken : 01285192
Ôfdieling : Stêfburo Stipe Bestjoer en Direksje
Opsteld troch : J.A. Slijkhuis / (058) 292 54 27 of j.slijkhuis@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beäntwurding skriftlike fragen oer Evenemintefûns SNN

Achte hear Posthumus,

De skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 26 jannewaris 2016, beäntwurdzje wy as folgt.

Fraach 1:

Is it kolleezje op 'e hichte fan it feit dat der in eigen Evenemintefûns fan SNN yn it libben roppen is?

Antwurd fraach 1:

Neffens ús spilet hjir in misbegryp. De is gjin sprake fan in evenemintefûns fan SNN dat yn it libben roppen is.

De Noardlike provinsjes en stêden dy't gearwurkje yn SNN-ferbân, wurde gauris frege om partner/sponsor te wêzen fan ferskate eveneminten. Om tefoaren te kommen dat losse fersiken ad hoc hifke wurde moatte, is der foar 2016 in Noardlike evenemintekalinder gearstald, dêr't de kosten mienskiplik fan droegen wurde. Yn 2016 drage alle provinsjes € 31.500 by, alle stêden € 15.250 en it SNN € 27.500.

Dêr heart ek in tal kriteariums by om takomstige eveneminten te hifkjen.

Kriteariums binne bygelyks:

- it evenemint docht ta oan de (ekonomyske) útstrieling fan Noard-Nederlân (hoe fier en hoe grut is it berik?)
- it evenemint docht ta oan de realisearring fan maatskiplike doelstellings út de noardlike Ynnovaasje Aginda (ferbining mei wichtige tema's en/of organisaasjes)

- it evenemint fuortsterket de Noardlike gearwurking tusken partners út de 4 O's/U's: (oerheden, ûnderwiis, ûndernimmers, maatskiplike organisaasjes) en partners binne ree dêr (mei jild) oan by te dragen
 - it evenemint fuortsterket de public affairs foar en út namme fan it Noarden
 - it evenemint is wichtich foar de Noardlike ûndernimmers (hoe fier en hoe grut is it berik?).
- It giet bygelyks om netwurkgearkomsten yn De Haach en Brussel, wêr't it Noarden him presintearret en in grut Noardlik ûndernimmerskongres lykas de Wike fan 'e ûndernimmer.

It giet dus net om in fûns. SNN hat oanbean om ponghâlder te wêzen fan dit evenemintejild.

Fraach 2:

Is it Kolleezje fan DS it mei ús iens dat it ynstellen fan in nij evenemintefûns grutte fragen oproppe kin yn de Fryske mienskip? Benammen omdat it ôfskaffen fan ferskate Fryske kulturele subsydzjepotsjes dien is ûnder it mom fan 'besunigingen' of 'gjin finânsjes mear' en dat dan in pear moanne letter wol finânsjes beskikber binne foar gala's en sponsoring op noardlik nivo? Hawwe de Kolleezjeleden fan Fryslân yn it DB fan SNN ynstimd mei it opsetten fan dit fûns?

Antwurd fraach 2:

Sjoch it antwurd op fraach 1. Fryslân hat yn it DB SNN ynstimd mei dizze oanpak

Fraach 3:

Binne jo it der mei iens dat de tekst op de webside en yn it Nijsbrief fan SNN de suggestje oproppe kin dat elkenien no jild oanfreegje kin foar 'noardlike' eveneminten, dat der gjin maksimum oan steld is en dat it budzjet yn kommende jierren sels noch grutter wurde kin?

Antwurd fraach 3:

Dêr binne wy it net mei iens. Yn de tekst wurdt dúdlik makke dat oan it ein fan 2016 in evaluaasje plak fynt en dat dan útmakke wurdt oft de list mei eveneminten en it budzjet oanpast wurde moatten. It giet hjir net om in 'iepen-ein regeling' en boppedat binne wy dat ek net fan doel.

Fraach 4:

Hoe wol DS fan Fryslân yn it deistich bestjoer fan SNN de oannommen moasje fan de Steaten fan 20 maaie 2015 útfiere? Nammentlik dat de jierlikse ferheging fan de dielnimmers oan SNN net mear bydrage sil as it jierlikse accres en dat SNN sels de tekoarten yn de eigen begrutting opheind?

Antwurd fraach 4:

It giet hjir net om in ferheging fan de bydrage oan het SNN, mar om in praktyske ôfspraak tusken de trije provinsjes en de fjouwer stêden, dy't troch it SNN útfierd wurdt

Fraach 5:

Wurde foar dit evenemintefûns ekstra bydragen fan de dielnimmers (gemeenten en provinsjes) frege? Sa ja, wat is it ekstra bedrach fan de provinsje Fryslân? En hoe ferhâldt him dat mei oare provinsjale subsydzjes én belied op dat mêd?

Antwurd fraach 5:

Lykas sein yn it antwurd op fraach 1 is dit gjin evenemintefûns. Der is ek gjin sprake fan ekstra bydragen fan de oerheden: sy betelje gewoan mei-inoar foar de eveneminten dêr't se yn 2016 foar kieze.

Fraach 6:

Hoe beoardielje jo it feit dat SNN no in eigen noardlik evenemintefûns opsette wol foar ûnder oare gala's en sponsoring wylst neffens gegevens fan Partoer 26.000 húshâldens yn Fryslân ûnder it sosjale minimum sitte?

Antwurd fraach 6:

It giet hjir om eveneminten dy't wichtich binne foar de promoasje fan Noard-Nederlân en it fuortsterkjen fan ekonomy, ynnovaasje en gearwurking yn ús gebiet. Ekonomyske ûntjouwing biedt úteinlik de grutste kânsen om earmoed oan te pakken.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



J.A. Jorritsma, foarsitter



A.J. van den Berg, siktaris